

Jierferslach 2025





Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes 2025		2
• Dêr binne we alwer		3
• Oantekens ledegearkomste KF Easterein – 19 maart 2025		4
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Mei-inoar troch it jier 2025	<i>Jongerein- & Technyske kommisje</i>	10
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2025		11
* De gekke kykjes fan de Alder-bernpartij		12
* Keatser fan it jier 2025	<i>Sipke Hiemstra</i>	14
- PR-kommisje: In oersjoch fan 2025	<i>PR-kommisje</i>	15
- Fjilden en Materialen	<i>Fjilden- en Materialekommisje</i>	15
- Keatskamp 2025: Sirkus	<i>Keatskampkommisje</i>	16
- Fan de wedstriidkommisje...	<i>Wedstriidkommisje</i>	17
- Werom sjen op it jier 2025	<i>Finansjele- en stipekommisje</i>	17
* Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach	<i>Romine Jelsma</i>	18
* Finansjele posysje en resultaat KF Easterein		20
* Ferklearring kaskommisje 2025		21
• Dronryp skriuwt skiednis op 20e edysje Jong-Feintepartij		22
• Wedstriidferslaggen		24
- Lede- en federaasjepartijen		24
- KNKB partijen		32
- KNKB Klasseminten		33
• Mear keatsmominten út 2025		34

Kolofon

Foto omslach: 27 july 2025 – Winsum – Pelote PC – 1e priis

Marije Schurer, Wiepkje Sijbesma, Sietske Okkema, Imke v/d Leest, Liset Sijbesma en Marit Kuperus

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Sieta Tessemaker en Froukje Dijkstra
Fryske stavering troch Antsje van Schepen.

Gearstalling bestjoer en kommisjes 2025

HAADBESTJOER

Marten Faber	Foarsitter
Hester Minks	Skriuwer
Romine Jelsma	Ponghâlder
Dieuwke Kooistra	Algemeine saken
Jan Bouke Bouma	Fjilden en materialen
Richt Fokkens	Webbehear en Sosjale media

WEDSTRIIDKOMMISJE

Wilma Sjaarda	Foarsitter
Wietse Vink	Opjefte ledewedstriden
Tineke Kamstra	Katering en krânsen
Alien Dijkstra	Algemien lid
Jorrit Veldman	Algemien lid

JONGEREIN- & TECHNYSKE KOMMISJE

Imke van der Leest	Foarsitter
Rémon Tie Bouma	Partoeren
Martina Kooistra	Skriuwer en trainingen
Trynke Draijer	Kompetysje
Wiepkje Sijbesma	Wedstriden
Mirjam Punter	Understeunend lid

PR-KOMMISJE

Mattie Dijkstra	Foarsitter
Sieta Tessemaker	Skriuwer
Jetske Sieperda	Jong-Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Kleanbelied
Antsje van Schepen	Redaksjelid

FINANSJELE- EN STIPEKOMMISJE

Dirk-Yde Sjaarda	Foarsitter en Stiper administrasje
Romine Jelsma	Ponghâlder
Jan Simon Jelsma	Relaasje behear
Abe-Jan Stegenga	Relaasje behear
Hans Kooistra	Relaasje behear

KEATSKAMPKOMMISJE

Halbe Willem Overal	Foarsitter
Rutger Sijbesma	Algemeine saken
Sieta Hesselius	Algemeine saken
Anne Jan Hallema	Algemeine saken
Brecht Stegenga	Algemeine saken

WEBREDAKSJE

Richt Fokkens	Webside en Sosjale media
Sieta Tessemaker	Ut- en ferslaggen
Karin Sjaarda	Understeunend lid

FJILDEN- EN MATERIALEKOMMISJE

Jan Bouke Bouma	Foarsitter
Fitte Vutters	Fjilden jongerein

'FITE VUTTERS' – FJILDLISMANNEN

Lolke Bouma	Geert Dijkstra
Jan de Jong	Jelle de Boer
Willem Twijnstra	Eppie Heins
Roel Sijbesma	Mebius de Boer



Dêr binne we alwer...

Alwer in jier fierder en oan 'e start fan in nij keatsjier. De tiid fljocht, lit de keatsbal ein april ek mar wer fleane. We hawwe der mei ús allen nocht oan.

Alwer in jier fierder en oan 'e start fan in nij keatsjier. De tiid fljocht, lit de keatsbal ein april ek mar wer fleane. We hawwe der mei ús allen nocht oan.



We hawwe in pracht moai keatsjier 2025 hân. Ferskate hichtepunten en op de grutte wedstriden meardere prizen pakt. Easterein is goed fertsjintwurdige, we dogge mei. Sels nei meardere jierren fan ôfwegigens stienen we wer op de Freule, sa moat it...

It lêste stapke moatte we noch sette. Goud yn plak fan de preemje! Der is dus noch wol wurk te fersetten, mar ik haw der alle fertrouwen yn.

2026 kom mar wer op.

De jeugd is hieltyd better fertsjintwurdige. Ik hoopje dat we nei noch mear NK wedstriden ta kinne yn meardere kategoryen.

De kommisjes binne drok dwaande mei de tarieding. It fundament stiet en we draaie goed.

Ik soe it moai fine dat we de tongersdei kompetysje noch wat mear útwreidzje kinne. It rint goed, it is gesellich mar om my kin der noch wol in stapke boppe op. Tongersdei is ús keatsjûn!! Hjir leit de basis foar ús as leden, dizze jûn stiet foar gesellichheid en keatswille.

Foar my alwer it lêste jier as foarsitter. Ik haw der nocht oan, wat soe ik it moai fine dat yn myn sitting tiid toch noch in kear goud helle wurdt op in NK. Set him op allegearre!

Meitsje der yn elts gefal in moai seizoen fan. Keatse is gesellichheid en wille, dat stiet by my altyd foarop en striel dat foaral ek út....

Op nei 2026!

Marten Faber
Foarsitter Keatsferiening Easterein



Oantekens ledegearkomste KF Easterein – 19 maart 2025

Oanwêzich: Haadbestjoer: Marten Faber, Romine Jelsma, Dieuwke Kooistra, Jan Bouke Bouma, Richt Fokkens en Hester Minks en sa'n 29 leden (sjoch presinsjelist).

Ofwêzich mei berjocht: Helga Develing, Bas v/d Weij, Tjeerd Dijkstra, Hendrik Sweering, Jan Simon Jelsma

1. Iepening

Marten iepenet de gearkomste om 20.00 oere:

Leden, eareleden, kommisjeleden en stipers fan KF Easterein. Fan herte wolkom op ús jierlikse foarjiersgearkomste.

Moai dat jimme der binne.

We hawwe ôfbericht krigen fan: Tjeerd Dijkstra, Helga Develing, Hendrik Sweering, Jan Simon Jelsma en Bas v/d Weij

De tiid hâldt gjin skofft roppe we elts jier, en dat fielt ek echt sa. We steane alwer oan it begjin fan de start fan in nij keatsseizoen. We wolle der jûn net al te lang oer dwaan en we wolle it wat luchtchg hâlde foar safier as dat kin fansels.

Moarn, tongersdei 20 maart sil de jongerein alwer los mei de sealtrainingen. Sneon 26 april

sil it keatsen foar de senioren wer begjinne. Keningsdei wurdt foar de measten de earste wedstriid fan it jier en is it keatsen foar elts echt los. Spierpine op snein de 27e.

2025 mei wat ús betrefte wol komme.

De measte kommisjes binne op 'e eftergrûn alwer in skofftke yn it spier om alles foar fannejûn en foar de start fan it nije seizoen klear te krijen. In hiele klus soms, mar as we mei-elkoar de skouders der ûnder setten bliuwe, dan slagget it. We hawwe in pracht groep oan frijwilligers en kommisjeleden. Der wurdt wolris sein dat de groep frijwilligers te grut is, mar wat is it noflik dat elts in eigen stikje organisaasje oppakt.

It ôfrune jier hawwe we wer in moai seizoen hân en dat hoopje we ek kommand jier wer te berikken. De opjeftes binne goed, de iene kear wat mear as de oare kear, mar dat sil altyd sa bliuwe. Nij op 'e aginda ferline jier wie it famylje keatsen. Oan de opjeftes te sjen wie dit wol in boppeslach. De opkomst wie super! Fannejûn sille jimme hearre as dit festijn ek wer op 'e agenda stiet.

Kompetysjekeatsen wurdt ek eltse wike goed besocht. Wy hoopje dat dit trochset



en der kinne fansels altyd mear by. Nim in kear in buorman, in buorfrou as freon mei op tongersdei. By de sêfte bal binne der oan it ein fan ôfrûne jier in oantal nije talenten bykaam; we hoopje dat sy ek dit jier wer oanslúte en de groep stapke by stapke grutter wurdt. De earste twa kear binne dochs fergees, dus in moaie kâns om oan de gesellichheid fan tongersdei te rûken.

Twifelest om sit te nimmen yn it bestjoer as yn in kommisje? Twifelje dan net te lang, want yn moaie is der foar de jildstipers en kommisjeleden in moaie jûn organisearre troch de finansjele stiperskommisje. Para Olympiër Tristan Bangma komt dan hjir by ús as sprekker en sil syn ferhalen mei ús diele. Yn 2021 hie hy 1x in gouden medaljee en yn 2024 3x goud op de Olympyske Simmerspullen. Seker de muoiite wurdich om te kommen en fansels sille nei fannejûn alle fakatueres fersein wêze, ferwachtsje ik.

We hawwe it al faker oanjûn en sille it ek beneamen bliuwe. Wy as bestjoer wolle de drempel net al te heech lizze. Wy wolle tusken de leden stean en net boppe de leden. De keatsferiening giet wolris de fjilden oer as "streverig". Neffens my is dêr op himsels niks mis mei, mar neffens my is dat per definysje ek net wat wy binne. We probeare saken gewoan goed te regeljen foar de keatsende leden. Elts docht mear as syn/har best. Mear kinne we ek net dwaan, besjoch it mar as in grut kompliment oan de kommisjes. We moatte ek net bang wêze om ris in flater te meitsjen. Lit it der soms mar ris op oankomme as eat in kear net slagget.

Sa as al mear sein, we hawwe in pracht feriening mei in pracht groep frijwilligers en kommisjeleden. As we elkoar helpen bliuwe dan komt it allegaare wol goed.

Litte we fan start gearn mei de aksjepunten dy't fannejûn op 'e aginda steane.

Nei ôfrin fan dizze gearkomste stiet der in lyts hapke en drankje klear om te proasten op it nije seizoen. Litte we der in moaie jûn en in moai jier fan meitsje mei elkoar. 2025 kom mar op!!

2. Meidielings en ynkommen stikken

Gjin

3. Oantekens fan de ledegearkomste 20 maart 2024

Gjin opmerkings.

4. Finansjeel ferslach

Troch Romine. Romine hat it finansjeel ferslach oer 2024 makke. Hjirûnder de wichtichste sifers op in rychje.

Rekken 2024

Organisaasje

Opbringsten	Begrutting 2024	Rekken 2024	Rekken 2023
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	0	0	205
Sponsorjilden	3.000	2.311	2.811
Kontribúsje en trainingsjilden	7.669	8.125	7.833
Aksjes	1.762	511	637
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	0	1.082
Ferskate opbringsten	1.105	1.669	1.053
Totaal opbrengsten	13.536	12.616	13.620

Utjeften	Begrutting 2024	Rekken 2024	Rekken 2023
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	272	142	164
Kosten wedstriiden	192	1.130	473
Ferieningskosten	7.325	6.398	6.293
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.743	1.679	2.050
KNKB en Federaasje	3.094	3.451	3.343
Aksjes	0	289	248
Materiaal	575	743	2.329
Totaal uitgaven	13.201	13.832	14.900
Resultaat	335	-1.216	-1.280

- Karin: De kosten aksjes, wat binne dat fan kosten? Kosten aksjes binne de oanskaf fan prizen foar de ferlottingen.

Wedstriden

Opbringsten	Begrutting 2024	Rekken 2024	Rekken 2023
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	3.249	2.890	2.738
Sponsorjilden	8.619	9.929	8.669
Kontribúsje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	1.410	698	1.714
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	1.218	965	1.202
Totaal opbrengsten	14.496	14.481	14.323

Utjeften	Begrutting 2024	Rekken 2024	Rekken 2023
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	10.907	10.625	9.007
Kosten wedstriiden	4.167	2.554	4.165
Ferieningskosten	413	1.462	694
Hier sporthal, fjilden, materialen	910	171	0
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	375	237	571
Materiaal	311	30	34
Totaal uitgaven	17.084	15.079	14.471
Resultaat	-2.588	-597	-148

Totaal

Opbringsten	Begrutting 2024	Rekken 2024	Rekken 2023
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen	3.249	2.890	2.943
Sponsorjilden	11.619	12.239	11.479
Kontribúsje en trainingsjilden	7.669	8.125	7.833
Aksjes	3.172	1.209	2.352
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	0	1.082
Ferskate opbringsten	2.323	2.634	2.255
Totaal opbringsten	28.032	27.097	27.943


Utjeften	Begrutting 2024	Rekken 2024	Rekken 2023
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	11.179	10.767	9.171
Kosten wedstriden	4.359	3.684	4.638
Ferieningskosten	7.739	7.860	6.988
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.653	1.850	2.050
KNKB en Federaasje	3.094	3.451	3.343
Aksjes	375	526	818
Materiaal	886	773	2.363
Totaal uitgaven	30.285	28.911	29.371
Resultaat	-2.253	-1.814	-1.428

Rinteopbringsten binne der, mar net sichtber. It wie in lytse rintefergoeding en dizze falt ûnder de ferskate opbringsten.

Finansjele posysje en resultaat

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	-1.216
Wedstriden	-597
Totaal	-1.814

	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020	2021	2022	2023	2024
Kas	275	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374	1.692	2.028	2.958	1.342	1.700
Bank	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307	10.196	17.065	18.563	15.803	14.582
Sparrekken	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	26.000	26.000	25.000	20.000	15.000	15.000	15.005	15.184
Oerrinnende posten	-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530	1.293	623	79	175	443	-656
Munten (SKS)												450	341	303	459	350	319
Reservearrings							1.300	3.900	6.796	10.896	11.996	12.093	10.593	12.281	9.611	6.826	6.826
Eigen fermogen	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	16.484	23.330	27.260	27.193	27.545	26.117	24.303
Resultaat	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917	6.846	3.930	-66	351.32	-1.428	-1.814



- Jan Hiemstra: Wat bart der mei it eigen fermogen? Kinne we der nei sjen as der ek mear oan fertsjinne wurde kin? De renteopbringsten binne minimaal. Wy, it haadbestjoer en de SFK, sille hjir nei sjen.
- Dirk-Yde: Post aksje wat mear op yn sette. Krystpakketten en Poiesz-aksje munten. En subydzjes oanfregeje.
- Karin: Wêrom binne bepaalde aksjes sa as flesseaksje/Poieszmunten net oanfrege/oppakt? De flesseaksje is troch miskommunikaasje net oanfrege. We soargje derfoar dat dat net wer bart. Foar de krystpakketten en de Poieszmunten binne we spitigernôch útlotte. As der nog oare ideeën binne foar aksjes hearre we dat graach.
- Sipke: It hie wol moai west as der in reminder ferstjoerd wie foar de Rabobank aksje. Miskien ek fia de e-mail. Dit nimme we mei foar dit jier.

Begrutting 2025

Ynkkomsten (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2025			Begrutting 2024
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen	0	2.602	2.602	3.249
Sponsorjilden	4.250	8.469	12.719	11.619
Kontribúsje en trainingsjilden	8.500	0	8.500	7.669
Aksjes	1.066	750	1.756	3.172
Subsydzjes en bydragen	500	0	500	0
Ferskate opbringsten	713	850	1.563	2.323
Totaal opbringsten	14.969	12.671	27.640	28.032

Utjeften (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2025			Begrutting 2024
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	0	8.794	8.794	11.179
Kosten wedstriden, kaatsclincs	1.178	698	2.076	4.359
Verenigingskosten	7.867	1.155	9.022	7.739
Huur sporthal, velden en materialen	976	175	1.151	2.653
KNKB en Federatie	3.011	0	3.011	3.094
Akties	0	275	275	375
Materiaal	2.935	30	2.965	886
Totaal uitgaven	15.967	11.327	27.293	30.285
Totaal opbringsten	14.969	12.671	27.640	28.032
Resultaat	-998	1.345	347	-2.253

Materialen binne heger troch oanskaf reinjassen en telegrafren. Foar de tillegrafren hawwe we subydzje krige fan € 500,00.

Kontribúsje en bydragen 2025

	2023	2024	2025	Ferskil
Kontribúsje senioaren	37,50	37,50	40,00	2,50
Kontribúsje jongerein	26,50	26,50	27,50	1,00
Treningen jongerein				
-Seal	12,50	12,50	12,50	-
-Fjild	17,50	17,50	17,50	-
-Beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis Wedstriden				
-Senioaren leden	4,00	4,00	4,00	-
-Senioaren Federaasje	5,00	5,00	5,00	-
-Senioaren KNKB	6,00	6,00	6,00	-
-Jongerein Federaasje	4,00	4,00	4,00	-
-Jongerein KNKB	4,00	4,00	4,00	-

- De oanwêzige leden binne akkoart mei de kontribúsjeferheging.

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

Troch Tymen Dijkstra en Bas v/d Weij.

Tymen: Kontrôles en stekproeven dien. En it wie wer dik foarelkoar. Tymen en Bas wurde tige betanke. Halbe Willem Overal nimt it takom jier oer fan Tymen.

6. Stikken KNKB-gearkomste 2 april 2025

Foarstel 1:

Tiidklok

- Yn 2025 wurdt de tiidklok by troch elkoar lotsjen en frije formaasje wedstriden yn de manlju haadklasse ynfierd.
- De tiidklok wurdt fasilitearre troch de KNKB, de betsjinning troch de organisearjende feriening.

Der is in soad diskusje oer as we hjir wat fan fine. Werom wurdt de tiidklok allinnich by de manne haadklasse byholden en net by de frouljus haadklasse? De measten binne neutraal. Wy ûnthalde ús dêrom fan stemming op de algemiene ledenfergadering fan de KNKB.

Foarstel 2:

Wiziging peildatum 35+/50+/65+

- As in spiler op de spyldei de fereaske leeftiid berikt hat, mei de spiler meidwaan oan de wedstriid.
- Peildatum wie foarhinne 31 december.

Hjir binne de measten wol foar.

Jan Hiemstra wol graach witte as de € 135.000,00 wol goed bestege wurdt. Dit bedrag had de KNKB út eigen reserve helle foar de nije

weBSITE. Dirk-Yde jout oan dat it yndied in grutte ynvestearing is, mar dat dizze him werom fertsjinnet yn de kommende jierren. Mar dat moat noch bliken dwaan. Marten nimt dit mei nei de algemiene vergadering van de KNKB.

7. Presintaasje jierferslach 2024

Troch Mattie. Froukje en Akke Jikke hawwe útslaggen sammele. It fersyk bliuwt om foto's te meitsjen en yn te stjoeren.



Skoff

8. Bestjoersferkiezing

Ôftredend yn 2025 -

Foardracht

Richt Fokkens

Richt hie al sawat it hiele keatseizoen 2024 meidraaid mar fanôf hjoed sit se offisjeel yn it HB. Annica draait dit jier mei en sil wierskynlik Dieuwke har taken oernimme.



9. Punten fanút it bestjoer:

- Punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits e.o.
 - Eltse feriening kin in plan yntsjeine en kin sa € 250,00 fanút de federaasje derfoar krije
- Kompetysjekeatsen
 - Tongersdei 1 maaie geane we los mei kompetysjekeatsen.
 - 21 augustus is de lêste kompetysjewedstriid dy't meitelt foar de prizen. 28 augustus is dan it tradisjonele lotsjen mei de wanten. En dernei in gesellige neisit mei de utrikking prizen kompetysje.

- Perklizzen op tiisdei en tongersdei
 - Dit seizoen lizze de fitte vuffers sawol op tiisdei en tongersdei de perken. En fansels ek by de wedstriden. Wy binnen der tige wiis mei as HB.
- Nije tillegrafen
 - Der komme nije licht tillegrafen. Couperus Hydroliiek sil se meitsje.
- JK: út it JK geane Klaas Sixma en Peter Stuver. Se binne der spitigernôch beide net. Foar beide is der in blomke.
- Mirjam (JK) en Remon (TK) binne nij. Foar de TK stiet nog in fakatuere iepen.
- FSK: Út de FSK geane Rene Rypma en Hendrik Kuiper. Dirk-Yde hat foar beide in wurdseje. En foar beide is fansels ek in blomke.

Ofskie Hendrik Kuiper troch Dirk-Yde

Beste Hendrik,

Ik stean hjir mei in sekere skamte. Ferline jier gie dit efkes flink mis. Ik die in ûnterjochte oanname dat Hendrik al ôfskie nimme soe fan de FSK, wylst we dat net goed útsprutsen hienen... Boppedat wie ik ferline jier mei de gearkomste siik en soe Romine Hendrik tasprekke. Gefolch: in protte ûndúdlikens, fraachtekens mar ek hilariteit. Hendrik, ik wol dat fannejûn in bytsje goed te meitsje.

Earste stap dêryn is dat ik der hjir net in al te lang ferhaal fan meitsje. Want hjir stean, dat is net dyn grutste hobby. Ek al bist op oare gelegenheden nochal ris it middelpunt fan de belangstelling. Neffens myn gegevens bisto tatreden tot de FSK yn maart 2017. Ik ha dy doe frege om sit te nimmen yn de FSK. Doe't

ik in pear jier lyn ôfskie naam as foarsitter fan it haadbestjoer koe ik dan ek net wegerje doe'sto my fregest om foarsitter fan de FSK te wurden, as opfolger fan Tjeerd.

Do hast dêr dus 8 jier yn sitten. In tiid wêryn ast graach net al te faak fergaderje woest, mar wêryn ast boppe-al dyn stipers altiten moai op tiid foar elkoar hiedest. Dêr wie de nije foarsitter fan de kommisje altiten tige bliid mei. Want dat wie noch wolris in ding, dy deadline.

Do nimst no ôfskie, dit jier dus echt, fan ús moaie kommisje. It FSK-uitje yn juny, dêr silst noch al mei. En fierder nimst ek net hielendal ôfskie as kommisjelid fan de KF want do hast dy ek beskikber steld om sit te nimmen yn de jubileumkommisje fan de keatsferiening foar it 125-jierrich jubileum yn 2029.

Hendrik, tige tank foar dyn ynset de ôfrûne jierren. Do bist yn meardere opsichten in echte gongmakker! Hooplik bliuwst dat noch lang dwaan as aktyf keatser hjir yn Easterein. En nochris sorry fan ferline jier...

Ofskie René Rijpma troch Dirk-Yde

Beste René,

Myn bestjoerlike skiednis mei dy giet best fier werom. Tegearre hawwe wy hiel wat jierren yn it haadbestjoer sitten. Do fanôf 2016 as ponghâlder en ik earder al as foarsitter. Mei dyn ôfskie as ponghâlder yn ha ik dy alris tasprutsen. Dat wie yn de tiid fan koroana yn 2021 en dat wie ûnder de allerearste online ledegearkomste



fan de keatsferiening. In bysûnder barren wie dat, thús efter in skerm. Mar doe stienen der ynienen wat minsken foar dyn doar om dy te ferrassen.

Nei dyn ôfskie as ponghâlder bist al yn de FSK bleaun, as beheader fan de stiperadministraasje en ek as akountmanager, in moaie funksjetitel. Mar nei al dy jierren, in lytse 10 jier, hast oanjûn om der mei te stopjen en dat is fansels dyn goed rjocht. It dwingt ús ek om ús ôfhinklikens fan dy ôf te bouwen, want eins bisto de ienige persoan binnen de keatsferiening dy echt begrypt hoe it excelbestân fan Klaas Pompstra, wêr't de finansjele administraasje fan de KF yn sit, wurket. Dat falt dy trouwens te priizgjen, want ast earne foar giest dan setst ek echt dyn toskan deryn. Ik kin dy dan ek bynammen as ien dy't saken hiel rasjoneel en basearre op logika benaderet. Mei in tige skerp en kritysk each. Boppedat bist ek net benaud om in eventuele ôfwikende miening op tafel te lizzen en dat soarge altiten foar goede ynhâldlike diskusjes. Dêr geane wy oer it algemien wol goed op, op sokke diskusjes. Al fûnen sommige kollega bestjoersleden wolris dat dy oerlizzen en diskusjes mei ús wolris wat koarter mochten... Ik begriep dat noait sa goed, want dit kaam altiten de kwaliteit fan de beslútfarming te goede yn myn belibbing.

René, tige tank foar dyn ynbring, dyn tiid en dyn geselligens. Hooplik sjogge wy dy hjir wer gau op 'e keatsfjilden!

- Ek by de FSK stiet nog in fakature iepen.
- KK: Út de keatskampkommisje giet nei 3 jier Tjalling Houtsma. Sy is der net mar krijt fansels ek in

blomke. Brecht draait kommand seizoen mei yn dizze kommisje. Mar der kin nog wol ientsje by.

• Sponsorjûn freed 9 maaie

Ek foar kaderleden, jildsponsoren. Ek klup fan 50. Binen der nog minsken dy't stypje wolle dan meie se ek nei de sponsorjûn.

10. Wedstriidaginda 2025

Foar de wedstriden op 11 maaie en 23 maaie is alle help wolkom.

Nachtkeatsen fan de jeugd is dit jier sûnder Wommels.

It frijwilligersbriefke komt mei de jierplanning.

Sipke Hiemstra mist de generale en de keatsoff fan de dames haadklasse op de aginda.

We ha as feriening besluten dizze wedstriden ôf te stjitten, omdat we wolris oare wedstriden hawwe wolle. Ek wie it de lêste jierren dreech, omdat dizze partijen faak yn 'e fakânsje falle, om genôch frijwilligers te krijen.

11. Omfreegjen

Hans: Hoe sit is mei it jeu de pelote. We dogge no mei Littens mei. En it koe dit jier. Foar de mannen kin der mar 1 team hinne en foar de froulju docht der ek 1 team mei. In ús eigen federaasje wie net hiel folle animo.

12. Sluting

Marten slút de fergadering om 21.41 oere. En bedankt eltsenien far harren komst. En fansels is der noch gelegenheid foar in hapke en in snapke.

Snein 22 juny	Ledenpartij Jeugdledenpartij	Leden KF Easterein Jongerein KF Easterein	Marju t.t., ferskate klassen Froulju t.t., ferskate klassen Kaboules/Welpen Pupillen/Skaaljeugd	12:00 12:00 12:00 12:00
July	Partij	Soart	Kategory	Oanfang
Snein 6 july	Ledenpartij	Leden KF Easterein Famyljekeatsen	Marju/Froulju t.t., sêfte bal, ferskate klassen (1 fan it partoer moat lid wêze fan de KF)	12:00
Ereid 11 july	Aktiviteit jongerein	Jongerein KF Easterein	Kaboules/Welpen Pupillen/Skaaljeugd	18:30 18:30
Sneon 12 july	KNKB partij	Jong-Feinte Partij	Junioren ôfdieling	10:00
Snein 13 july	Okkema partij	Alle federaasjes	Marju A/B/C t.t. Froulju A t.t. Froulju B t.t.	11:00 11:00 11:00
Augustus	Partij	Soart	Kategory	Oanfang
Ereid 29 augustus	Nachtkeatsen yn Easterein	Jongerein KF Easterein Jongerein KF Wommels	Kaboules/Welpen Pupillen/Skaaljeugd	18:00 ite 18:00 ite
Sneon 30 augustus	Nachtkeatsen senioren	Leden KF Easterein Wylde partij	Marju/Froulju t.t. 3 x t.t. (sêfte bal)	20:00 20:00
Septimber	Partij	Soart	Kategory	Oanfang
Ereid 5 septimber	Jeugdledenpartij yn Wommels (slûten)	Jongerein KF Easterein en KF Wommels	Welpen/Pupillen Skaaljeugd	16:00 16:00
Snein 7 septimber	Slotwedstrijd	Leden KF Easterein Jongerein KF Easterein	Marju/Froulju (sêfte as burde bal) 3 x t.t. Kaboules/Welpen Pupillen/Skaaljeugd	11:00 11:00 11:00



Mei-inoar troch it jier 2025

Op it momint fan skriuwen is it bûten kâld en hawwe we mear mei snieballen te krijen as mei keatsballen. In moai momint om mei de jongereinkommisje wer werom te sjen op ús keatsseizoen fan 2025. Al is in weromblik skriuwe nei meardere jierren oft men deselde keatswedstriid opnij keatst: tsjinstanner gelyk, de keatswant en skuon, de oanrin foar de opslach of deselde wize fan jûchheien by in boppeslach. Mar dochs...

Dochs sjochst altyd wer krekt oare dingen. Lytse mominten, grutte ferrassings en al dy persoanlike hichtepunten. Dêrom dochs wer mei in oare bril troch it jier 2025. En 'wegens ongekend sukses herhaald': de hichtepunten by del mei de hiele JK-klup!

De ôftraap fan ús as JK yn it jier is fansels mei oerlizen. Ôftaaste wa en hoe wat oppakt. Rémon hat syn earste jier draaid en we kinne net oars sizze dat hy dit knap dien hat! Doch it mar, in stokje oernimme fan de TK en dat sûnder echt meirinne te kinnen. Net benaud om fragen te stellen en kontakt op te nimmen mei keatsers en âlders. We binne wiis mei dizze start, mar moai sa troch gean!

Foar de jongerein wie de start yn de seal. Dat keatsgefoel moat altyd efkes wer wenne en oft dat noch net genôch is, rôlet dat baltsje dan wol hiel rap troch oer dizze flier! Mar de keatskribel wurdt sa moai wer grutter en it begjin is der. Fanút dêr troch mei de trainings, earst binnen en dêrnei fansels bûten. Wêr de oansluting fan de trainers op de bern dit jier better en grutter like te gean. In win-win, want dêrtroch binne de trainers ek earder entûsjast om kommend jier wer fierder te bouwen op wat al stiet.

Foaral foar de Jongerein XXL aktiviteit hawwe we dit jier echt as JK mei elkoar de karre lutsen en sa hienen net allinnich de bern wille, mar wy as lieding ek. De ien mei in fiskhingel wjirmsnoepkes foere oan de bern, de oare efter it balle-kanon de bern bestoke, de oar sels yn alle kleuren fan de reinbôge, omdat de bern

in oanmoedich-kleed mei ferve oan it bekûgелjen wienen... Prachtich! Wat Martina ek sei: "Wille, aksje, gek jeie en serieus. Alles moai op ien fjild, de dei foar de Jong-Feintepartij."

Mar ferjit ek de kompetysje net alle wiken. Trynke dy't 'efkes' de oanmeldings byhâldt, 'efkes' der noch ien by freget, 'efkes' lottet, 'efkes' ymprovisearje moat, omdat der dochs noch ien net is, 'efkes' rekken hâlde moat mei ferline wike of dy wike dêrfoar... It soarget derfoar dat de jongerein neist harren trainings moai wat keats-kilometers meitsje kin yn wedstriidsetting. Sa wichtich as wat.

Hjirboppe in inkijkje yn it reilen en zeilen fan de kompetysje. Mar net minder ynset foar de wedstriden. Mirjam en Wiepkje hienen hjir meastentiids de lieding oer. In soad kinst planne foar in wedstriid, mar dochs komt it del op de lêste wike of dagen derfoar. In soad oerlis en regelje, kontakt mei de 'fytte vutters' (in grut applaus foar dizze mannen efter de skermen!), de krânsen en prizen, de Skoalleseize, frijwilligers en dat stiet dan noch los fan de dei sels. Machtich as alles op de dei sels op syn plak falt. Dan is it foarôf miskien oanpoatsjen, mar as it rint, dan jout dat syn beleaning. Ek dit jier wie de Federaasjepartij dêr in grandioos foarbyld fan.

Wylst Martina los fan har eigenneamde hichtepunt, sels thus ek noch in hichtepunt hie om te fieren. Foar it earst mem wurden! En oft dat noch net genôch is, pakte Martina alle JK-taken as mem sa wer op. Lytse Teade koe der samar by oft it niks wie. Komplimenten foar it foarút sjen en dizze nochteren blik.

Wêr we foarich jier noch de nije gesichten neamden fan Rémon Bouma en Mirjam Punter, nimme we spitergenôch alwer ôfskied fan de lêste. Net omdat der gjin wille wie, mar omdat it bêd tsjinwurdich





earne oars stiet. Se is mei har freon ferhuze fan Snits nei Raerd. Dêr sil it doarpslibben, mei it dêrby hearende frijwilligers wêzen, ek wol gau genôch fan harren tiid en oandacht freegje. Tank foar dyn nochteren blik, earlik wêzen en entûsjaste ynset. Raerd krijt der yn elts gefal ien topper fan in frijwilliger by!

It wie in seizoen wêryn't it alle kanten út gong. Yn it fjild, mar ek dêr bûten. Grut persoanlik ferdriet oan de iene kant, mar ek prachtich nij lok dêr tsjinoer. Wêrút bliken die dat we in prachtich klupke fearkrêftige minsken hawwe, wêr't it as fansels gong dat we elkoar oanfolden wêr nedich. Tank foar it jier 2025!

P.S. Tinkst no, dit heart wol hiel moai hjirboppe en dat laket my ek wol oan? Wa wit kin dat! Want we hawwe noch romte foar entûsjaste minsken. 😊

Mei in sportive en entûsjaste groet, Imke

Prisuwinnners kompetysjekeatsen 2025

Kabouters: 1e priis: Folkert Joustra (83 pnt)
2e priis: Djurre Faber (65 pnt)
3e priis: Benthe Kamstra (62 pnt)

Welpen: 1e priis: Harmen Joustra (86 pnt)
2e priis: Sven Sijbesma (58 pnt)
3e priis: Hielke Tuinstra (54 pnt)

Pupillen: 1e priis: Jelke Sijbesma (61 pnt)
2e priis: Lotte Kuiper (52 pnt)
3e priis: Iris Bosgra (40 pnt)

Skooljeugd: 1e priis: Fenne Sijbesma (57 pnt)
2e priis: Marrit van der Weij (50 pnt)
3e priis: Bauke Jan Dijkstra (44 pnt)



DE GEKKE KYKJES FAN

DE ÂLDER-BERNPARTIJ





Keatser fan it jier 2025: Sipke Hienstra



Appke fan Marije, 8 septimber 2025

Hjoed fertelden we heit dat hy keatser fan 't jier wie! Wiepkje hold de beker omheech. Hy seach der nei en 't rekke him sichtber. Sa moai! Lit 't him krêft jaan en wy hoopje ek dat hy der oar jier sels wer stiet om him oan de folgende te jaan! ❤️ Tank foar dit moaie momint! Hy is echt grutsk! (en wy net minder 😊).



Tsja, sa binne je fit en sa lizze je yn it UMCG. Krekt een bytsje bykomme fan 4 wike koma en de bern komme op besite. Se hawwe wat te fertellen... Heit is keatser fan it jier wurden en hat ek nog de kompetysje wûn! Beide saken komme as een ferrassing!

Keatser fan it jier, wêr ha ik dat oan te tankjen? Ja, ik bin simmerdeis wol een protte op de keatsfjilden te finen. Sawol by de KNKB wedstriden as by de federaasje- en ledepartijen. Meast as keatser, mar ek as skiedsrjochter en/as karmaster. En fansels it kompetysje keatsen en winterdeis "pelote" op it MFT.

Spitich dat ik de prijs net sels yn ûntfangst nimme koe. Dit hie ekstra moai west omdat pakesizzer Jelke Sijbesma ferline jier keatser fan it jier wurden wie. Dochs bin ik best wol grutsk op dizze prijs en ik sjoch der nei út om jimme wer te sjen op de keatsfjilden!

Sipke Hienstra

PR Kommisje: in oersjoch fan 2025

It ôfrûne jier wienen wy wer drok dwaande mei de sichtberens fan de KF. Sa hawwe wy ûnder oare nije rêchsekjes en sleutelhangers besteld, en binne de âlde reinjassen ferfongen troch in nije, frisse set. Ek de fitrine yn de hal fan de Skoallegezinde is opfrist en op 'e nij ynrjochte, sadat alles der wer strak en útnûgjend by stiet.

Troch mei digitalisearjen

Efter de skermen wurkje wy konstant oan it fernijen én duorsumer meitsjen fan ús PR-aktiviteiten. Wy sjogge hoe't wy mear online sichtber wêze kinne en tagelyk minder papier brûke.

Ek yn 2025 hawwe wy dêr wer in moaie stap yn set. By de Jong-Feintepartij hawwe wy it programma-boekje yntegrearre mei de wedstriidlist. Dat besparret net allinnich papier, mar is ek finansjeel foardieliger. Ek wurde útnûgingen net mear per post stjoerd, mar per e-mail: fluch, dúdlik en in stik duorsumer.

Druk wurk bliuwt wichtich

Dochs is druk wurk ek in grut, trochgeand ûnderdiel fan elk keatsseizoen. Wy soargje derfoar dat jim foar de ledefergadering yn maart in jierferslach ûntfange, dat der foar de earste ledewedstriid yn



april in programmafolder op 'e matte falt, en dat jim foar Kryst alle jierren wer in prachtige krystkaart krije – mei soarch ûntwurpen troch Froukje.

Ut namme fan de PR-froulju,
Mattie, Froukje, Jetske, Akke Jikke, Sieta en Antsje



Fjilden en Materialen

Wat hawwe we it ôfrûne jier dien? Der binne nije ballen, telegrafen, mjitlinten en peloteballen oanskaff. Foar de wolkomtsassen fan de jeugd binne lytse sêfte ballen oanskaff.

Op 30 april is Theo Jelsma ferstoarn. Jierrenlang wie er mei in soad ynset aktyf by de Fitte Vutters. Der binne twa Fitte Vutters by kaam, Mebius de Boer en Eppie Heins, dêr't wy tige bliid mei binne.

Der is in groepsapp dêr't oankundigingen yn dien wurde as der wat barre moat, bygelyks it lizzen fan de fjilden foar kompetysjekeratsen as (lede)-wedstriden. Oare saken wurde yn oerlis regele en dan sjogge we wa't derby wêze kin.

Wy meitsje der yn 2026 wer in moai keatsjier fan!

De fjilden- en materialekommisje, Jan Bouke Bouma





Keatskamp 2025: SIRKUS!

Dit jier wie it tema sirkus!! We hienen twa groepen dy't tsjin elkoar striden foar de winst: de clowns en de akrobaten.

Dit jier hienen we ek de keatskamp euro's dy't de bern fertsjinje koenen. 10 keatskamp euro's wie 1 bonuspunt. Sa koenen se by ferskate spultsjes bygelyks estafette, xxl darten en de stormbaan dizze euro's fertsjinje. De sirkusdirekteur soarge der foar dat dit allegear yn goeie banen laat waard. Dêrnei wie it tiid foar in potsje slingertik wêrby't Rikkert de Kikkert ek efkes om it hoekje sjen kaam. Allegeare hawwe se harren bêst dien, mar dit waard wûn troch de clowns.

Doe earst mar in appelsje mei in gleske limo sadat we genôch enerzjy hienen om wat te betinken foar de bûnte jûn. Nei in lekker patatsje mei in snackje koenen we los. Sa waard der dûnse, songen en waarden der quizzen spile. Mar it toppunt wie dochs wol dat Johan en Jente oplaat waarden ta echte clowns. De winner fan 'e jûn wie Redmar!! 15 bonuspunten foar de clowns. Nei de stuolledûns wie it dan ek einlings tiid om op bêd te gean.

De oare deis wienen we wer betiid fan't bêd want der moast moarnsiten wurde. Nei in lekker stikje bôle gienen de kabouters bûten mei in muzykje alfêst lekker omdraven, wylst de âldere jeugd har sliepspul opropme. Snel de sportklean oan en sa koenen we begjinne oan de keatsclinic. Dizze waard jun troch Wiebe Visser. Opslaan, útslaan, keare; de bern hawwe it allegear dien. Dit wie dan ek de lêste kâns om bonuspunten te fertsjinjen.

Nei de learsume clinic ieten we mei syn allen pankoeken. Hjiir waard ek de winner fan it keatskamp bekind makke. Dat wienen dit jier de..... Clowns!!!

Nei twa dagen fol mei keatsen, laitsje, drave, gek dwaan en dûnsje kinne we werom sjen op in moai keatskamp. We hoopje alle bern dit jier natuerlik wer te sjen op it keatsfjild en we betankje eltsenien foar de help!

Groetnis, Halbe Willem, Sieta, Rutger, Anne Jan en Brecht



Wedstriidseizoen 2025

We hawwe wer in moai en slagge keatsseizoenen effer de rêch. Spitfigernôch koe it nachtkeatsen net trochgean troch in grutte wedstriid yn Reahûs. We sille sjen as we dizze wedstriid op in oare datum ynplanne kinne.



Mei in soad nocht en wille organisearje we, as wedstriidkommisje, de wedstriden. Simmers betsjut it dat we in soad op it fjild te finen binne, mar ek yn de winter sitte we net stil. Der sit in protte tiid yn om de wedstriidaginda goed op papier te krijen en te probearjen oan eltse winsk te foldwaan. Mochten der no spesifike (wedstriid)winsken wêze fanút jimme, lit it dan foaral witte! Salang as it yn de keatsaginda past stean we oeral foar iepen.

Kwa besetting binne en bliuwe we foltallich: Tineke regelet de krânsen foar alle wedstriden en fersoarget de katering ûnder de KNKB wedstriden. Wietse is de spin yn it web as it oankomt op opjeftes en Jorrit, Alien en Wilma bin multifunksjoneel ynsetber, wêr't elts mar nedich is. We binne in moai team as ik it sa sizze mei ;-):

We sjogge jim graach wer yn 2026 op it keatsfjild!

Ut namme fan de wedstriidkommisje,
Wilma, Tineke, Jorrit, Alien en Wietse

Weromsjen op it jier 2025

Op it momint fan skriuwen leit der iis yn de sleatten en fielt it keatsseizoen 2025 alwer in hiel skoff lyn. Dochs is it sa yn it begjin fan it nije jier in moai momint om werom te sjen op wat west hat. Yn ús gefal troch de eagen fan de finansjele- en stipekommisje: Abe-Jan, Jan-Simon, Hans, Romine en ûnderskreaune.

As we sjogge nei ús stipersgroep dan sjogge we dat we de finansjele bydragen al jierren ûngefear op itselde nivo hâlde kinne. Dêr kinne we grutsk op wêze. It soarget foar in stabile finansjele basis foar de keatsferiening en de aktiviteiten dy't der troch it jier organisearre wurde.



In aktiviteit dy't der foar ús as kommisje it ôfrûne jier útsprong, wie de stipersjûn op freed 9 maaie 2025 mei mearfâldich paralympysk kampioen Tristan Bangma as gastsprekker. It wie in jûn spesjaal organisearre foar ús jild- en tiidstipers, offewol ús stipers en bestjoer- en kommisjeleden. Tristan Bangma hold in treffend ferhaal oer syn karriêre mei syn beheining. It wie al mei al in moaie en tige slagge jûn.

As lêste wol ik út namme fan ús hiele kommisje al ús stipers en klup fan 50 leden nochris tanksizze foar harren stipe! We hoopje jim mei in pear moannen wer op it keatsfjild te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda,
Foarsitter Finansjele- en stipekommisje

Ek lid wurde?



Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

Mei it jierferslach en it sluten fan de boekhâlding fan 2025, geane we op nei it seizoen fan 2026. Mar earst sjogge we werom op it foarige seizoen. Mei in moaie wedstriidaginda mei 18 wedstriden binne we it seizoen begûn mei in sealkeatspartij foar de jeugd. En foar de tradisjonele start fan it seizoen mei de Keningspartij en it Keatskamp op 23 en 24 april. It wie in prachtich gesicht al dy bern op it fjild mei harren moaie nije keatskampshirts. Op 'e aginda stiene 5 KNKB-partijen, mar de famkes binne oerpleatst nei in oar plak. Troch it grutte oantal oanmeldings fan de jonges en famkes, wie it net mooglik om de partij op 1 fjild te hâlden.

Fierders hawwe we wer in prachtige famyljepartij organisearre. It Eastereiner Keatswykein wie in grut súkses. Op freed in moaie opkomst fan bern, wêr't in prachtich sirkwy foar út setten wie troch de JK/WK mei in hearlike smoothie als ferfrissing. De JFP dêr't Dronryp histoarje skreau troch foar de tredde kear dizze partij te winnen. En dan noch de Okkemapartij mei in moaie opkomst, prachtich keatsen en in soad geselligheid. Fierders hawwe de froulju en de mannen 35+ in prachtich 2de plak helle op it NK en hawwe de pelotefroulje de pelote PC wûn. Moaie resultaten dêr't we grutsk op wêze meie. Dit jier hat it bestjoer keazen om by it lêste kompetysjekeatsen de prizen út te rikken fan de kompetysje 2025. Dit inisjatyf wie tige slagge en sil dan ek werhelle wurde yn 2026. Op 7 septimber wie de slotpartij foar bern en folwoeksenen. In moaie ofsluting mei it huldigen fan ús priiswinners, de keatser fan it jier-ferkiezing en lekker iten fan de sinees.

Resultaat

De aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden yn 2025, binne nei reservearrings en opnames út de reservearrings, mei negatief netto resultaat ôfsletten op -€1.376. Dit wylst der in negatyf resultaat fan -€ 758 begrutte wie. Troch it nije boekhâldprogramma kin it resultaat net opdiel wurde yn wedstriden en organisaasje. Wol kinne we út de boekhâlding de kosten en opbringsten per partij helje. Dit silte we foar 2026 fierder útwurkje. It ferlies is spitigernôch grutter dan ferwachte. Dit is mei feroarsake troch hegere kosten en it fuortfallen fan in sponsor en bydrage fanút Oranje en Heitelân. Gelokkich stienen der ek meifallers tsjinoer. De opbringst fan de RaboClubActie wie hast 500 euro mear. De kosten fan de wedstriden wiene heger as begrutte. Wy, as bestjoer, wolle kommand



jier sjen hoe't we dizze kosten reducearje kinne. Ek binne der dit jier ynvestearrings dien. Sa binne der moaie nije tillegrafien by kommen en nije reinjassen oanskaft. Ek binne der

nije keatsballen kocht, foar sawol de jeugd as folwoeksenen. Yn de begrutting wie gjin rekken hâlden mei BTW op de offerte fan de tillegrafien en sprekker Tristan Bangma. We binne oerstapt op in nij boekhâldsysteem. Ek de kosten hjirfoar binne net meinommen yn de begrutting fan 2025.

De rekken fan 2025 wurdt op de foarjiersgearkomste op 17 maart presintearre yn 'e Skoalleseize.

Finansjele posysje en reservearrings*

Yn 2025 binne der gjin reservearrings dien. De reservearring fan €250 foar it keatskamp, €750 foar de sponsorjun en €1000 euro binne opnaam. As FSK en HB is der ôfsprutsen om foartaan elke trije jier in sponsorjûn te organisearjen. Dêrfoar sil der elk jier in reservearring dien wurde om de kosten te ferdielen oer 3 jier. Hjirtroch is der mear jild beskikber foar in sprekker of oare aktiviteit. De balâns fan de reservearrings sjocht der dêrmei sa út:

€ 4.825 foar nije klean

As buffer foar ôffallers as it dwaan fan grutte ynvestearringen, stribbet it bestjoer fan Keatsferiening Easterein nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 oan te hâlden. Yn grafiek "Úntwikkeling Eigen Fermogen K.F. Easterein" wêr't sûnt 2019 ek in boppegrins fan €25.000 yn oanjûn is. Troch it negative resultaat sitte we ûnder de

* It dwaan fan in reservearring soarget foar in delgong fan it resultaat en it eigen fermogen sûnder it banksaldo te beynfloedzjen, wylst in opname út in reservearring soarget foar in delgong fan it banksaldo sûnder dat dit it resultaat en it eigen fermogen beynfloedet.



25.000 euro en binne we dwaande om te sjen nei de kostenkant om te besparjen. Fierders binne der plannen om te besykjen fia subsydjes de ynkomen te ferheegjen.

Begrutting 2026

De begrutting fan 2026 is fierder breide op de realisaasje fan 2025. We moatte kommand jier rekken hâlde mei minder ynkomen troch it fuort fallen fan de bijdrage fan Oranje En Heitelân en in pear sponsors. De FSK is hurd bezich om nije sponsors te finen. Foar kommand jier steane der net grutte oankeapen op de planning. Wol binne we dwaande om te sjen wêr't noch fierder besunige wurde kin. De begrutting sil op'e ledegearkomste fierder yn maart yn'e Skoalleseize taljochte wurde.

Stipers

We binne bliid dat de measte fan ús stipers wer tasein hawwe om ús te stypjen. Wy, as feriening, binne hjir hiel wiis mei. Tige tank foar jimme steun. Yn 2025 is der in prachtige sponsorjûn west mei Tristan Bangma as sprekker. It wie in tige slagge jûn mei in soad minsken en in geselige neisit. It ferhaal wie interessant, boeiend en ynspirearjend. De bedoeling is om elke trije jier in sponsorjûn te organisearjen.

Aksjes

De aksjes yn 2025 hawwe it bedrach fan € 1730 opsmiten. Dit wie mear as dat der begrutte wie. Foaral de opbringst fan de RaboClubsupport wie heger as yn 2024. Fierders wienen de ferlottingen wer in súkses. Spitigernôch wie der gjin sponsor foar

de haadprizen fan de JFP. Yn novimber is der noch in extra aksje bykommen. By Jumbo Kooistra kinne minsken fia de Dappre-app jild fertsjinje foar de KF Easterein. As jo de app installearre hawwe, krijt de klup in persintaasje fan it boadskipsjild dat bestege is. Yn desimber is in earste bedrag fan € 32 binnen kommen.

Yn 2026 binne we ynlotte foar de PoieszJeugdAktie. Op dit momint rint de aksje en binne we drok mei de bestel-mar-app.

€ 952	Rabo Clubsupport
€ 56	GEKE
€ 220	Ferlotting Slotpartij
€ 470	Ferlotting Jong-Feintepartij
€ 32	Dappre

De ponghâlder



Myn tredde jier as ponghalder sit der op. Yn 2025 binne we oer gongen nei in nij boekhâldprogramma fan E-boekhouding. It opstarten fan it ynboeken fan de administraasje wie, troch omstannichheden, net maklik. Mar doe't it kwartsje foel, blykte it programma safolle better, sneller en makliker te wêzen dan it foarige systeem. Wat bin ik bliid mei dizze stap. En Dirk Yde, bedankt foar dyn geduld en help. De kosten en opbringsten per wedstriid binne snel ynsichtlik. Kommand jier wolle we dit noch fierder útwreidzje en ek de debiteuren en krediteuren tafoegje. Foar it jier 2025 is der foar keazen om it simpel te hâlden.

Groeten, Romine

Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Totaal	-1.376

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020	2021	2022	2023	2024	2025
Kas	64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374	1.692	2.028	2.958	1.342	1.700	573
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307	10.196	17.065	18.563	15.803	14.582	15.426
Sparrekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000	25.000	20.000	15.000	15.005	15.184	11.946
Oerrinnende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530	1.293	623	79	175	443	-656	-358
Munten (SKS)															450	341	303	459	350	319	166	
Reservearings										1.300	3.900	6.796	10.896	11.996	12.093	10.593	12.281	9.611	6.826	6.826	4826	
Eigen fermogen	24.041	16.562	16.664	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	16.484	23.330	27.260	27.193	27.545	26.117	24.303	22.927
Resultaat	20.991	-7.479	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917	6.846	3.930	-66	351.32	-1.428	-1.814	-1376
Bovengrens							25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000
Ondergrens							10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000



Winst & verlies 01-01-2025 t/m 31-12-2025

Code	Omschrijving	Verlies	Winst
4000	Algemene kosten	2.098,31	
4020	Contributies en abonnementen	204,51	
4030	Attenties	682,53	
4070	Kosten jeugdactiviteiten	130,13	
4075	Kosten keatskamp	1.641,64	
4080	Kosten sponsoractiviteiten	1.772,90	
4085	Consumpties HB/commissies	777,30	
4090	Overige bestuurs- en organisatiekosten	663,60	
4100	Huur sporthal	234,00	
4110	Huur sportvelden/waterschapslasten	451,97	
4120	Huur materialen	412,75	
4200	Kosten trainers	938,33	
4300	Drukwerk en kantoorbenodigdheden	1.522,74	
4310	Porti- en vrachtkosten	89,94	
4320	Telefoon en internet	351,29	
4330	Bankkosten	342,73	
4360	Verzekeringen	185,97	
4410	Afdrachten contributie KNKB	3.330,15	
4420	Afdrachten contributie Federatie	150,00	
4510	Kosten kransen	2.281,00	
4520	Kosten prijzen	5.943,10	
4530	Kosten inleg parturen	296,00	
4570	Consumpties wedstrijden	2.576,10	
4580	Vergoeding scheidsrechters/masseurs	297,35	
4590	Reclame en advertenties	58,08	
4600	Kosten acties	207,25	
4800	Kosten materialen	1.558,78	
4805	Aanschaf kaatsballen	1.337,90	
4810	Aanschaf kleding	851,24	
4815	Aanschaf PR-materiaal	626,78	

Code	Omschrijving	Verlies	Winst
8000	Contributies		7.445,00
8100	Wedstrijdbaten		1.879,99
8200	Sponsoring		9.469,00
8210	Kledingsponsoring		2.500,00
8300	Klup fan 50		1.000,00
8310	Donateurs/âld-feinten		132,50
8400	Trainingen		1.220,00
8500	Opbrengsten acties		1.936,49
8610	Subsidies/bijdragen overig		2.386,00
8620	Subsidie Federatie		250,00
8700	Opbrengsten overig		1.185,23
8730	Opbrengst keatskamp		750,00
8900	Opbrengsten rente		484,31
	Saldo verlies		1.375,85
		32.014,37	32.014,37

Balans t/m 31-12-2025

Code	Omschrijving	Activa	Passiva
0200	Voorraad munten SKS	166,25	
1000	Kas	572,85	
1100	Bank	15.426,13	
1110	Spaarrekening	11.946,31	
1300	Debiteuren	385,46	
1400	Eigen Vermogen		22.927,53
1410	Bestemmingsreserve kleding		4.825,87
1700	Crediteuren		743,60
	Saldo	28.497,00	28.497,00



Ferklearring kaskommisje 2025

Wy, de kaskommisje, ha by Romine van der Laan, ponghâlder fan de KF Easterein yn 2025, de boeken kontrolearre. De boeken en de finansjele ferslaggen sjogge der goed út en binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoart mei it finansjele ferslach oer it jier 2025 fan de Keatsferiening Easterein.

Easterein, maart 2026

De kaskommisje, Bas van der Weij en Halbe Willem Overal



Dronryp skriuwt skiednis op 20e edysje Jong-Feintepartij

Op sneon 12 july waard yn Easterein de 20e edysje fan de Jong-Feintepartij ferkeatst, de bysûndere ôfdielingswedstriid foar junioaren fan 17 oant en mei 21 jier. De partij waard yn 2005 yn it libben roppen mei it doel in brêge te slaan tusken de jonges- en senioarenkategory. Mei dizze partij wol K.F. Easterein in ympuls jaan om jonge keatsers langer by it KNKB-keatsen te hâlden. Op de list stiene 18 partoeren en der waard striden om de prestizjeuze wikselprîis 'de Sulveren Leest', beskikber steld troch Jan Hiemstra út Frjentsjer.

It wie Dronryp dat yn Easterein skiednis skreaun hat troch foar de tredde kear op rige en yn deselde samenstelling de Jong-Feintepartij te winnen. It partoer fan Jorrit Nanninga, Jorn Lars van Beem en Rick Minnesma liet fan begjin ôf oan in sterke

yndruk efter. Yn de earste omloop wûnen se mei 5-0 fan Arum. Yn de twadde omloop hienen se in steand nûmer. Dêrnei troffen se Eksmoarre en ek dy partij einige yn in dúdlike 5-0 oerwinning. Yn de fjirde omloop moasten se keatse tsjin Moarre-





Ljussens. Dat partoer kaam knap op 3-2 foarsprong, mar Dronryp wist de partij te kanteljen en pakte úteinlik mei 5-3 6-4 de winst en dêrmei in plak yn de finale. Yn de finale troffen se Tsjom, dat in poerbêste dei keatst hie. Se begûnen mei in 5-2 winst tsjin Winsum, fersloegen dêrnei Bitgum mei 5-0 en hiene in spannende partij tsjin Aldebiltsyl dy't se mei 5-5 wûnen. Yn de heale finale hienen se in stand nûmer, en sa wiene se as earste finalist bekend. De finale begûn spannend. Tsjom pakte it earste buordsje, mar Dronryp makke gelyk en stoomde dêrnei troch. Se lieten sjen wêrom't se al twa jier op rige de partij wûn hiene, en ek

no lieten se neat lizze. Mei dy oerwinning waard Dronryp opnij winner fan de Jong-Feintepartij, in yndrukwekkende prestaasje fan trije kear op rige yn deselde gearstalling.

PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2025

- 1e priis:** Dronryp 1 – Jorrit Nanninga, Jorn Lars van Beem en Rick Minnesma
- 2e priis:** Tsjom – Steven Koster, Jorrit Palma en Redmer van der Meulen
- 3e priis:** Moarre-Ljussens – Johan Sipma, Douwe Dijkstra en Jan Bandstra



Wedstriidferslaggen

LEDE- EN FEDERAASJEPARTIJEN

SEALKEATSEN 13 APRIL 2025

Sealkeatsen foar de jeugd: in noflike moarn yn 'e seal. It wie wer safier: de earste wedstriid fan it nije keatsseizoen, en dy waard dizze kear lekker binnen yn 'e seal holden. Gjin gedoch mei dikke jassen of kâlde fingers, mar gewoan op gymskuon de seal yn. Dat siet wol goed!

De bern hienen der dúdlik sin oan en der waard in soad lake, praat en fansels keatst – al wie it soms noch even sykjen nei de bal dy't samar ûnder in bank rôlje koe. Mar gjin panyk, der wie altyd wol immen dy't efkes ûnder de tribune dûkte. Foar de measten wie it in moaie opwaarmer foar de rest fan it seizoen. En dochs wie der foar elk wat winnends: de winners fan hjoed mochten in beker yn ûntfangst nimme en foar de rest wie der in medalje as tank foar it meidwaan.

In gesellige moarn en in moai begjin fan it seizoen!
We sjogge jim graach ynkoarten op 't fjild!

1e priis kabouters:

Merthe van Dijk en Djurre Faber

1e priis welpen:

Meike Overwijk, Danian Rijkema en Sven Sijbesma

1e priis pupillen/skoaljeugd:

Sanne Frouk Dijkstra en Jelke Sijbesma

2e priis pupillen/skoaljeugd:

Femke Paauw en Lotte Kuiper



DE BERN-ÂLDERPARTIJ 6 MAAIE 2025

Wêrby't alle bern en âlderen mei elkoar op it fjild wille hawwe en dochs de striid oan gean, ek al stean der gjin prizen op it spul. Dêr kinne hiel wat oaren in foarbyld oan nimme. In fjild goed fol dit kear. Tuskentroch wurdt it partoer tegearre op de gefoelige plaat fêst lein mei kykjies dy't it sfearke altyd goed sjen litte...



KENINGSDEIPARTIJ 26 MAAIE 2025

De kop is der wer ôf: wat in moaie ôftraap fan it seizoen! Alle yngrediïnten wienen oanwêzich foar in prachtige keatsdei: sinne, rûn de 20 graden en in bytsje wyn. De stramme spieren waarden fansels wol op de proef steld, mar moai om elts wer mei nocht en wille op it fjild te sjen.

Foar it earst wie de dei hjoed hielendal yn gearwurking mei de Oranjeferiening. Ynstek wie om elts 3 x keatse te litten. Hjir moast by de manlju efkes yn puzzele wurde. Lokkich wie Judy sa sportyf om by de manlju mei te dwaan en koe elts 3 omlopen keatse.

De priiswinners fan hjoed:

Froulju

1e priis: Jitske Plantinga en Brecht Stegenga
2e priis: Froukje Dijkstra en Dieuwke Kooistra

De manlju (mei ien frou) makken der in spannende striid fan. Oant de 3e list wienen der noch 4 partoeren yn de race foar de krânsen. Troch it lot wienen se tafalligerwize oaninoar keppele yn de lêste omloop en waard it in spannende striid wa't der mei de hage fan troch gean soe.

Manlju:

1e priis: Redmer Stegenga en Binne Tuinstra
2e priis: Gert-Jan Hiemstra, Hendrik Okkema en Mebius de Boer
3e priis: Simon Kingma en Tom Couperus
4e priis: Hendrik Kuiper, Judy Bergsma en Paul de Bruin



JEUGD FEDERAASJEPARTIJ 23 MAAIE 2025

Op freed 23 maaie wie it wer safer: de federaasje-dei foar de jeugd fan federaasje Súdwest-Fryslân fûn plak yn Easterein. In dei dy't in soad organisearjend wurk freget fan ús frijwilligers, in grutte tank hjirfoar! Mar as der mear as 100 bern ien kear los binne op it fjild, witte we wer wêr't we it foar dogge.

It waar spile syn eigen spultsje: fan hurde wyn oant in flinke reinbui en werom nei drûge parten. Mar de bern lieten harren net út it fjild slaan, en der waarden prachtige en sportive partijen keatst! It wie wer in prachtige keatsdei yn Easterein! Hjirûnder steane de útslaggen per kategory. Fan herte lokwinske alle dielnimmers, jim hawwe der in prachtdei fan makke!

Welpen famkes t.i.l.

1e priis: Anna de Jong en Fleur Oostenveld
2e priis: Dine Bosch en Hiske Hoekstra

1e priis herkansingsronde

Marrit Hoekstra, Iris Buma en Fay Peters

2e priis herkansingsronde

Lieke Poelsma, Benthe Stoffelsma en Henriette Jansen

Welpen jonges t.i.l.

1e priis: Ids Politiek, Quinn Hoitinga en Sietse Kooistra
2e priis: Sven Sijbesma, Jilmar Merkus en Jesse Kuiper
3e priis: Jilke Hoekstra en Jitse Visser

1e priis herkansingsronde

Redmer Kamstra en Hidde Boonstra

2e priis herkansingsronde

Fender Flisijn, Jimte Grondsma en Melle Wiersma





Pupillen famkes t.i.l.

- 1e priis:** Brechje de Jong en Wietske Poelsma
2e priis: Elin Stoffelsma en Femke van der Zwan

1e priis herkansingsronde:

Jolanda Stoker en Iris Bosgra

2e priis herkansingsronde:

Marin Grondsma en Liv Hendrikk

Pupillen jonges t.i.l.

- 1e priis:** Hessel de Boer en Ids van Wijngaarden
2e priis: Jens de Vries en Djurre Visser
3e priis: Sheng Li Dijkstra en Jesmer Jan Visser

1e priis herkansingsronde

Jinse Durk de Jong en Wiebe Huitema

2e priis herkansingsronde

Johan de Jong en Jelmer Roorda



Skoalfamkes t.i.l.

- 1e priis:** Lyset Westra en Liv Koops
2e priis: Esther Lootsma en Fenne Sijbesma
3e priis: Marrit Hoekstra en Marijke Wijbenga

Skoaljonges t.i.l.

- 1e priis:** Piet de Jong en Imco Jensma
2e priis: Meint van der Zwaag en Nick Lousma
3e priis: Arjan van der Meer en Nico de Vries

1e priis herkansingsronde

Rudmer Jesse Joustra en Redmar Feenstra

2e priis herkansingsronde

Alex Boonstra en Jelco Stegeman

Jongens/famkes

- 1e priis:** Ruurd Oosterbaan en Ruben Monsma
2e priis: Hendrika Stegenga en Imme Klaas Kievit





1e priis herkansingronde

Tessa Westra en Brecht Grovenstein

2e priis herkansingsronde

Jildert Bouma en Matthijs Quak

PEARKEKEATSEN 8 JUNY 2025

Sêfte as hurde bal; elts hie de kar hjoed mei it pearkekeatsen. De ferdieling wie 50/50: 6 pearkes mei de hurde bal en 6 mei de sêfte bal. Troch it keatsen fia it saneamde 'Sneker' systeem koe elts 3x keatse.

Elts waard flink op de proef steld; bytiden hurde rein en in flink wyntsje makken it keatsen der net makliker op. Mar al mei al dochts wer in slagge keatsdei!



Hurde bal

1e priis: Bote Jellema en Julia Paauw

2e priis: Bouke Fopma en Selma de Boer

Sêfte bal

1e priis: Danny Roos en Petra Jellema

2e priis: Rutger Sijbesma en Wiepkje Sijbesma

JEUGDPARTIJ KF EASTEREIN | KF WOMMELS

14 JUNY 2025

Op 14 juny hienen wy in jeugd ledepartij. It betreft de útwiksling mei ús gearwurkingspartner KF Wommels. De Eastereiner jeugd is earder dit seizoen yn Wommels west foar in wedstriid, hjoed kwamen de Wommelser jeugdleden nei Easterein.

Troch dizze gearwurking keatse de ledekeatsers ek ris tsjin oaren; hjir leare je altyd fan en foar de ôfwiksling in moaie tafoeging. Mei in list fan totaal 16 partoeren en lekker waarm waar wie it in slagge keatsdei.

Hjirûnder de priiswinners:





Kabouters

1e priis: Folkert Joustra en Janne Hoekstra

2e priis: Merthe van Dijk, Lise Roos en Benthe Kamstra

Welpen

1e priis: Wybren Politiek en Sven Sijbesma

2e priis: Thys van Wijngaarden en Benthe Stoffelsma

1e herkansing: Brend Toering en Redmer Kamstra

2e herkansing: Evert-Jelle de Jong en Hielke Tuinstra

Pupillen & Skoaljeugd

1e priis: Fenne Sijbesma, Elin Stoffelsma en Lotte Kuiper

2e priis: Jelke Sijbesma, Iris Bosgra en Jinse-Durk de Jong

JEUGDLEDEPARTIJ 22 JUNY 2025

In wike letter en noch waarmer waar. Op 22 juny hienen wy wer in jeugdlededepartij. It soe in mienskiplike ledepartij wêze mei de senioaren;



spitigernôch wienen dêr net genôch keatsers. It hie grif mei de hitte te meitsjen, want waarm wie it seker en dus begûnen wy in oere earder. Bytsje tempo hâlde tusken de wedstriden troch, sa koe de jeugd swimme foar't it echt waarm waard.

Dochs hawwe se der net minder om keatst en koenen nei 3 omlopen de prizen útrikt wurde oan de folgjende toppers:

Kabouters

1e priis: Djurre Faber en Jens Kooistra

2e priis: Meike Faber en Benthe Kamstra

Welpen

1e priis: Redmer Kamstra, Meike Overwijk en Gerrit Jellema

2e priis: Sven Sijbesma en Jesse Kuiper

Pupillen & Skoaljeugd

1e priis: Jelke Sijbesma, Bauke-Jan Dijkstra en Lotte Kuiper

2e priis: Iris Bosgra en Elin Stoffelsma





FAMYLJEKEATSEN 6 JULY 2025

De 2e edysje fan it famyljekeatsen. Mei wat minder partoeren op 'e list as ferline jier, mar dat mocht de wille absoluut net drukke! Somtiden sensasjonële keatsery mei de moaiste tuskenspullen. En oan it ein ta tige spannend hoe't de prizen ferdiel waard. It gie om de tsjinpunten yn de lêste earsten om te bepalen wa't de krânsen pakten.

1e priis: Tryntsje Bouma, Tjerk Okkema, Sjoerd Teake Kooistra (21 foar / 6 tsjin / 6 tsjinpunten yn de lêste earsten)

2e priis: Jan Schurer, Marije Schurer, Bart Schurer (21 foar / 6 tsjin / 8 tsjinpunten yn de lêste earsten)

3e priis: Froukje Dijkstra, Bauke Dijkstra, Tjeerd Dijkstra (21 foar / 7 tsjin)

4e priis: Fenna Sweering, Tim Sweering, Hendrik Sweering (19 foar / 7 tsjin)

Lokwinske allegearre!

OKKEMAPARTIJ 13 JULY 2025

As ôfsluter fan it Eastereiner Keatswykein wie hjoed de Okkemapartij. Wy ha wer in prachtige keatsdei hân. Lokwinske oan alle priiswinners en fansels oant takom jier!

NACHTKEATSEN JEUGD 29-08-2025

Op freedtejûn 29 augustus wie it einliks safier: nachtkeatsen foar ús jeugd! In jûn fol wille, spanning en fansels in protte moaie slaggen.

Wy begûnen de jûn op de bêste wize: mei-inoar lekker patat ite. Dêrnei waard der serieuws keatst. Sa fertelde Hieke oer de earste omloop: "Dizze sêfte bal slacht lekker út, ik hie in protte boppe." En seach Fenne dat Sanne Frouk de dreechste hoekjes opsocht by de opslach!

Berber en Iris wienen goed op elkoar ynspile: "Iris stie altyd moai achter my klear om oan te kearen." En Lotte seach in moaie aksje fan har maat: "Marrit hie moaie platte ballen."





Folkert hie in spannende partij: "Sven sloech in bal út en ik sloech him hielendal werom yn it perk." De sfear wie geweldich en alle bern hawwe har fan harren bêste kant sjen litten. As wy freegje wat it leukste fan de pot wie, antwurdet Meike sûnder twifel: "Boppe slaan!"

It wie in prachtige jûn mei in protte entûsjasme en moaie mominten. In grut tank oan alle bern dy't meidien hawwe en oan de frijwilligers dy't it mooglik makke hawwe. Op nei de slotdei snein 7 septimber! Hjirûnder de priiswinners:

Kabouters:

- 1e priis: A – Merthe van Dijk
B – Jens Kooistra
- 2e priis: A – Djurre Faber
B – Meike Faber
- 3e priis: B – Benthe Kamstra

Welpen:

- 1e priis: A – Redmer Kamstra
B – Hielke Tuinstra
- 2e priis: A – Sven Sijbesma
B – Folkert Joustra
- 3e priis: B – Wout Dijkstra

Pupillen/skoaljeugd

- 1e priis: A – Marrit van der Weij
B – Harmen Joustra
- 2e priis: A – Femke Paauw
B – Sanne Frouk Dijkstra
- 3e priis: A – Jelke Sijbesma
B – Bauke Jan Dijkstra



SLOTDEI 7 SEPTIMBER 2025

Wat in prachtige dei wie it snein om it keatsseizoen ôf te sluten. Sawol de jeugd as de senioaren kamen yn aksje. En de opkomst wie super!





Utslach 'dei' winners

De senioaren koenen keatse mei de sêfte of hurde bal. By beide kategoryen hiest nei elke omloop wer nije maten. Eltsenien keatste trije omlopen. En sa kamen de folgjende winners derút.

By de sêfte bal:

1e priis: A – Wietse Vink

B – Wietse Ligthart

C – Wilma Sjaarda

2e priis: A – Willem van Abbema

B – Bas van der Weij

C – Karin Sjaarda

By de hurde bal:

1e priis: A – Bote Jellema

B – Christian Hoekstra

C – Jelle de Boer

2e priis: A – Redmer Stegenga

B – Roel Sijbesma

C – Sjouke Schilstra

3e priis: A – Robert Sijbesma

B – Abe Jan Stegenga

C – Tom Couperus

4e priis: A – Hendrik Kuiper

B – Froukje Dijkstra

C – Hendrik Okkema

NK winners

Neist de winnaars fan dizze dei sette we de winners fan grutte keatspartijen (sa as NK's, PC etc.) ek altiten efkes yn it sintsje. Dit kear hienen we mar leafst 3 partoeren dy't in priis mei in NK wûn hienen. It partoer mei Roelie en Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra wûnen de 2de priis bij de NK dames. De twadde priis wie ek foar it partoer fan Dirk-Yde





Sjaarda, Bauke Dijkstra en Sjoerd T. Kooistra op it NK 35+. En de derde priis NK 50+ gie nei Peter en Robert Sijbesma en harren heit Roel Sijbesma.

Keatser fan it jier

De wikselbeker fan de keatser fan it jier gie fan pakesizzer Jelke Sijbesma nei pake Sipke Hiemstra. Wiepkje naam de beker foar har heit yn ûntfangst. Want Sipke leit nog yn it sikehûs yn Grins. Wy winksje Sipke en famylje krêft en betrouwen ta en dat alle nije dagen in stap tichter by herstel en rêst bringe mei.



Sineesk iten

Nei ôfrin fan dizze moaie keatsdei wie der noch sineesk iten. Alles wie skjin op! Dus dat fûl wol yn 'e smaak.

Bedankt dat jimme der allegear wienen en we sjogge jim takom jier graach wer!

KNKB PARTIJEN

FERSLACH KNKB JONGES A KLASSE (POULE) T.I.L. EN B KLASSE T.I.L. + HERKANSING 11 MAAIE 2025

Mar leafst 81 jongeskeatsers hjoed yn Easterein! 4 partoeren yn de A klasse en 23 partoeren yn de B klasse. Wat in pracht gesicht om sa'n fjild fol jonge en fanatyke keatsers te sjen. De jeugd hat de takomst, dat is wol dúdlik yn dizze kategory!

Mei tank oan al ús frijwilligers wie it in tige slagge dei.

A klasse

1e priis

Jesse Greidanus, Winsum fr
Silvan Elzinga, Bolsward
Rudmer Faber, Achlum



2e priis

Lars Tijssen, Reduzum
 Martijn Mossel, Rinsumageast
 Karst Hoekstra, Blije

B klasse

1e priis

Melle Talsma, Achlum
 Stef van Steen, Grou
 Lourens Buwalda, Schettens

2e priis

Jacob Boersma, Wâlterswâld
 Harmen Postma, Leeuwarden
 Jimte Tilma, Mantgum

3e priis

Ruurd Oosterbaan, Sneek
 Ale Reitsma, Baerd
 Jonathan de Boer, Tjerkwerd

1e priis herkansing

Dion Stegeman, Marsum
 Stijn Feenstra, Exmorra
 Harmen Faber Achlum

2e priis herkansing

Hidde Reitsma, Bolsward
 Laas van Dalfsen, Nijland
 Sem Groen, Makkum

FERSLACH KNKB MANLJU 1E KLASSE F.F. (BEP.) EN 2E KLASSE F.F. (ÛNB.) 01 JUNY 2025

Wat wie it wer in moaie keatsdei hjoed yn Easterein mei de manlju 1e en 2e klasse. Yn totaal 21 partoeren: 10 yn de 1e klasse en 11 yn de 2e klasse.

Ûnder lieding fan skiedsrjochter Fokke v/d Veen en klubschiedsrjochter Hendrik Sweering gienen beide klassen om 10 oere los. Mei tank oan harren en alle frijwilligers ferrûn it keatsen flot en koenen rom foar 16 oere de prizen útrikt wurde.

1e klasse:

1e priis

Peter van Zuiden Bolsward
 Thomas van Zuiden Bolsward
 Kevin Jordi Hiemstra Leeuwarden

2e priis

Youri de Groot Menaam
 Hendrik Jan v/d Velde Makkum
 Jan Bandstra Easternijtsjerk



3e priis

André van Dellen Leeuwarden
 Thomas Dijkstra Berltsum
 Laas Pieter van Straten Stiens

2e klasse:

1e priis

Michel van der Veen Franeker
 Keimpe Klaas Dantuma Oentsjerk
 Redmer Cnossen Bolsward

2e priis

Julian Faber Bolsward
 Rutger Vallinga Bolsward
 Hendrik Bouwhuis Bolsward

3e priis

Wessel van der Woud Goutum
 Jelvin Kaper Sint Annaparochie
 Jelmer Foppe Drijfhout Poppenwier

KNKB KLASSEMINTEN

Nr	Keatser	pnt	Nr	Keatser	pnt
	Welpen famkes			Welpen jonges	
	Pupillen famkes			Pupillen jonges	
	Skoalfamkes		11	Jelke Sijbesma	9
	Famkes			Skoaljonges	
17	Douwine Tolsma	8		Jonges	
23	Fianne Dijkstra	7		Manlju junioaren	
40	Geertje vd Weide	3		Manlju 35+	
	Froulju junioaren			Manlju 50+	
14	Fianne Dijkstra	3	6	Pieter Porte	16
	Froulju 1e klasse		16	Tjeerd Dijkstra	12
	Froulju haadklasse		29	Roel Sijbesma	9
3	Jeska Terpstra	40	52	Sipke Hiemstra	4
5	Roelie Kroondijk	37	55	Robert Sijbesma	4
21	Corrie Kroondijk	9	60	Simon Kingma	4
			106	Peter Sijbesma	1
				Manlju 2e klasse	
				Manlju 1e klasse	
			2	Auke Boomsma	18
				Manlju haadklasse	

Mear keatsmominten út 2025...

JANNEWARIS

26 **Frijentsjer Wallball Dutch Open** – 2e priis Corrie Kroondijk mei Hiske Zeinstra



MAAIE

02 **Ysbrechtum Federaasje Ôfdieling Welpen** –

2e priis Redmer Kamstra, Sven Sijbesma

04 **Hijum KNKB Manlju 1e klasse** – 1e priis Auke Boomsma

11 **Burgwerd KNKB Famkes B klasse** – 1e priis Douwina Tolsma

16 **Balk Federaasje Ôfdieling Welpen Jonges** yn de werkânsing
1e priis Stijn Kuiper, Sven Sijbesma



16 **Balk Federaasje Ôfdieling Pupillen Famkes** – 3e priis

Lotte Kuiper en Iris Bosgra

16 **Balk Federaasje Ôfdieling Pupillen Jonges** – yn de werkânsing

2e priis Jelke Sijbesma en Jort Kronemeijer

24 **Menaam KNKB Haadklasse Froulju** – 1e priis Jeska Terpstra

29 **Dronryp d' Alde Wite Partij** – 1e priis Corrie Kroondijk,

Roelie Kroondijk en Jeska Terpstra



30 **Tirns Federaasje Skoaljeugd** – 1e priis Marrit v/d Weij

30 **Reahûs Federaasje Pupillen Jonges** – 1e priis Jelke Sijbesma

30 **Reahûs Federaasje Welpen Famkes** – 1e priis Benthe Stoffelsma

30 **Reahûs Federaasje Pupillen Famkes** – 1e priis Iris Bosgra

31 **Sf. Jabik KNKB Manlju 50+** – 1e priis Sipke Hiemstra en Pieter Porte

31 **Moarre Ljussens KNKB Haadklasse Manlju t.i.l.** – 1e priis Auke Boomsma



31 **Pingjum Federaasje Ôfdieling Pupillen Famkes** – 1e priis yn'e
ferliezersronde - Lotte Kuiper, Iris Bosgra, Elin Stoffelsma

31 **Pingjum Federaasje Ôfdieling Welpen Jonges** –

2e priis Harmen Joustra, Jesse Kuiper

31 **Pingjum Federaasje Ôfdieling Pupillen Jonges** –

3e priis Jelke Sijbesma, Jort Kronemeijer



JUNY

07 **Driezum KNKB Famkes B klasse** – 1e priis

Douwina Tolsma

08 **Jorwert KNKB NK Froulju Senioaren** – 2e priis

Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Jeska Terpstra

09 **Frentsjer KNKB NK Manlju** – 3e omloop ferlern,

Doede Rients Okkema, Bauke Dijkstra, Auke Boomsma

13 **Goaiïngea Federaasje Pupillen Famkes** – 1e priis Iris Bosgra

13 **Goaiïngea Federaasje Pupillen Jonges** – 1e priis Jelke Sijbesma



14 **Frentsjer PC sêfte bal** – 1e priis Auke Boomsma

15 **Sf. Jabik KNKB Haadklasse f.f. Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk,
Jeska Terpstra mei Manon Scheepstra

21 **Marsum KNKB NK Manlju 50+** - 3e priis Partoer 1

Roel Sijbesma, Robert Sijbesma en Peter Sijbesma

Partoer 2 Sipke Hiemstra, Hendrik Sweering, Tjerk Okkema hat ferlern.

Ek partoer 3 Simon Kingma, Eppie Heins, Hotze Jellema hat ferlern

21 **Hommerts Federaasje 'Bring de keatsers by it keatsen'**

Pupillen Jonges - 1e priis Jelke Sijbesma



- 28 **St. Anna KNKB NK Famkes** - Douwina Tolsma, Geertje v/d Weide en Fianne Dijkstra, 1e omloop ferlern
 29 **Balk Haadklasse f.f. Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra mei Manon Scheepstra



JULY

- 02 **Frentsjer KNKB Juniorenkompetitie** – 1e priis Fianne Dijkstra
 04 **Skearnegoutum Federaasje Welpen Famkes** – 1e priis Meike Overwijk
 05 **Dokkum KNKB NK Pupillen Jonges** – Jelke Sijbesma, Sven Sijbesma en Harmen Joustra 1e oplloop ferlern
 05 **Wjelsryp KNKB NK Pupillen Famkes** – Lotte Kuiper, Iris Bosgra 1e omloop ferlern
 06 **Peins KNKB Manlju 1e klasse** – 1e priis Auke Boomsma
 06 **Spannum** – 1e priis Selma de Boer, Jildou Couperus, Richt Fokkens
 13 **Harns KNKB Haadklasse t.i.l. Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk
 19 **Easterlittens KNKB NK Manlju 35+** – 2e priis Dirk Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Sjoerd Teake Kooistra
 19 **Scheffens Federaasje Pupillen Famkes** – 1e priis Iris Bosgra
 21 **Makkum Paling Partij Manlju 1e klasse** – 1e priis Auke Boomsma



- 26 **Hitzum KNKB Ald Meiers partij** - Douwina Tolsma, Geertsje v/d Weide, Fianne Dijkstra 1e omloop ferlern
 27 **Sint Nyk KNKB Manlju 50+** - 1e priis Tjeerd Dijkstra en Pieter Porte
 27 **Winsum PC Pelote** – 1e priis Marije Schurer, Wiepkje Sijbesma, Sietske Okkema, Imke v/d Leest, Liset Sijbesma, Marit Kuperus
 27 **St. Anna KNKB Pupillen Jonges** – 1e priis Jelke Sijbesma
 30 **Frentsjer PC**, Auke Boomsma die mei fan Easterein, 2e omloop ferlern



AUGUSTUS

- 02 **Pingjum KNKB Manlju 50+ B klasse** – 1e priis Roel Sijbesma
 02 **Seisbierrum Haadklasse Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk
 02 **Nijlân Bonnemapartij** – 1e priis Bote Jellema
 06 **Wommels Freule partij** – Pieter Age v/d Weide, Sander Velzen, Bauke Jan Dijkstra, 1e omloop ferlern
 08 **Itens Federaasje Pupillen Jonges** – 1e priis Harmen Joustra
 10 **Dronryp KNKB Manlju 50+ A klasse** – 1e priis Simon Kingma
 10 **St. Anna KNKB Haadklasse Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra mei Manon Scheepstra
 16 **Burgwerd KNKB Haadklasse Generale PC Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra mei Manon Scheepstra
 20 **Weidum KNKB PC Froulju** – Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra, 1e omloop ferlern



- 23 **Zurich Federaasje Welpen Jonges** – 1e priis Redmer Kamstra
 30 **Kimswerd Skoalfamkes** – 1e priis Marrit vd Weij
 31 **Achlum KNKB Manlju 1e klas** – 1e priis Auke Boomsma
 31 **Huizum KNKB Haadklasse f.f. Froulju** – 1e priis Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra





SEPTIMBER

- 06 Ljouwert KNKB Manlju 50+ B klasse – 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 07 Reduzum KNKB Manlju 1e klas – 1e priis Auke Boomsma
- 07 Wommels Sybren Hoekstra Partij f.f. – 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 13 Boeren PC yn Easterein
- 13 Boalsert KNKB Manlju 50+ A klasse f.i.l. - 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 13 Boalsert KNKB Manlju 50+ B klasse f.i.l. – 1e priis Robert Sijbesma
- 13 Marsum KNKB Haadklasse f.i.l. Froulju – 1e priis Jeska Terpstra



OKTOBER

- 21 Makkum Skoalle-sealkeats-kampioenskippen
1e priis Harmen Joustra en Jelke Sijbesma



